

Factsheet Fryske taal

De Fryske taal yn byld



Ynhâldsopjefte

| | | |
|-----------|---|-----------|
| 1. | Ynliding en gearfetting | 2 |
| 1.1 | Gearfetting | 3 |
| 2. | Utkomsten taalmjitting 2025 | 4 |
| 2.1 | Frysk as memmetaal | 4 |
| 2.2 | Behearsking fan de Fryske taal | 5 |
| 2.3 | Taaloerdracht | 10 |
| 2.4 | Gebrûk fan it Frysk yn it deistich libben | 13 |
| 2.5 | Sichtberens fan it Frysk | 14 |
| 2.6 | Stellingen oer it yn libben hâlden fan de Fryske taal | 16 |
| 2.7 | Hâldingen foar it Frysk oer | 18 |
| 2.8 | Ferlykber ûndersyk | 20 |
| 3. | Frysktalige bernesinde | 21 |
| 3.1 | Tal Frysktalige bernesinde | 21 |
| 4. | Frysktalige toponimen | 22 |
| 4.1 | Gemeenten mei offisjele Frysktalige toponimen | 22 |
| 4.2 | Sprieding Frysktalige plaknammen | 23 |
| 5. | Sichtberens Frysk de gemeente | 24 |

Haadstik 1

Ynlieding en gearfetting

De factsheet Fryske taal toant en beskriuwt de resultaten fan it periodike taalûndersyk fan de provinsje. It taalûndersyk is sûnt 2007 foar de fiifde kear útfierd. Om in byld te krijen fan de taalsituaasje yn 'e provinsje en de gemeente is a-selekt oan húshâldings frege om in koarte fragelist yn te foljen. De fragelist koe skriftlik likegoed as digitaal ynfolle wurde. De skriftlike fragelist befette de basisfragen sa't dy ek yn de eardere mjittingen brûkt binne. De online fragelist is yn 2025 mei inkelde oanfoljende fragen útwreide. Dy fragen slagge op yn hoefier't it Frysk yn ûnderskate situaasjes brûkt wurdt, de sichtberens fan it Frysk, it yn libben hâlden fan de taal en klankassosjaasjes fan it Frysk. De online fragelist wie iepenbier en dêrmei foar alle ynwenners fan 18 jier of âlder yn te foljen.

Fan de 21.000 oanskreaune húshâldens hawwe 5.510 Friezen de enkête ynfolle, goed foar in respons fan 26%. De iepenbiere online fragelist is troch 6.700 ynwenners ynfolle. Mei-inoar hawwe dêrmei 12.208 ynwenners oan it ûndersyk meiwurke.

Om ûndersykstechnyske redenen is besletten de antwurden út de iepenbiere fragelist oer de behearsking fan de Fryske taal en de sprektaal tsjin partner en bern bûten de analyze te hâlden. De ferhâlding yn memmetaal tusken de groep respondinten út de stekproef en de iepenbiere online enkête ferskilt net in soad fan inoar. Mei oare wurden: Friezen likegoed as net-Friezen hawwe oan beide opropen gehoar jûn. Wol docht bliken dat de groep respondinten út it iepenbiere part mei in net-Fryske eftergrûn (memmetaal) yn ferhâlding de taal faker brûke en better behearskje as de gebrûklike groep mei in net-Fryske memmetaal út de stekproef. Ynwenners dy't wat mear mei it ûnderwerp Fryske taal hawwe, binne mooglik wat earder ree om mei te wurkjen. Dat jout in lichte fertekening yn de útkomsten, wat ta skea gean soe fan in sa suver mooglike ferliking mei de eardere mjittingen. Foar de ekstra fragen is de folsleine respons meinommen.

Yn de respons die bliken dat de jongerein wat ûnder- en de âlderein wat oerfertsjintwurdige wie. Troch weaging ta te passen op de útkomsten fan it taalûndersyk is dy foar de skaaimerken âldens en gemeenten represintatyf foar Fryslân makke. Fryslân eksklusyf de Waadeilannen. Fanwegen it lytse tal ynwenners en de spesifike eigen taalsituaasje binne de Waadgemeenten krekt as yn de foargeande ûndersiken net yn de taalmjitting meinommen. De Waadeilannen kenne wol inkele streektalen en binne om dy reden wol meinommen yn it provinsjale [streektaalonderzoek](#) út 2022.

Njonken de útkomsten fan it taalûndersyk jout de factsheet wat ynformaasje oer Frysktalige bernsintra en de sprieding fan Frysktalige toponimen.

1.1 Gearfetting

- De measte ynwenners fan Fryslân kinne it Frysk wol of in bytsje ferstean. Yn 2025 jout goed 85% fan de Friezen oan de taal goed oant hiel goed ferstean te kinnen.
- Twa tredde fan de ynwenners kin de taal goed oant hiel goed prate. Dêrnjonken jout 9% oan de taal frij aardich prate te kinnen. In fearns fan de Friezen praat de taal mei muoite of hielendal net.
- Goed de helte (58%) fan de ynwenners kin goed oant hiel goed Frysk lêze. In fearns lêst it Frysk frij aardich en 17% fan de ynwenners hat dêr muoite mei of kin hielendal gjin Frysk lêze. It oandiel Friezen dat oanjout it Frysk goed oant hiel goed lêze te kinnen is tanommen fan 46% yn 2007 oant 58% yn 2025.
- Yn 2007 joech 9,6% fan de ynwenners oan goed Frysk skriuwe te kinnen. Yn 2025 is dat persintaazje nei 18,9% omheech gien.
- It oandiel ynwenners dat it Frysk goed ferstean en prate kin is sûnt 2007 fierhinne gelyk bleaun.
- De taalfeardigens fan it Frysk is yn de gemeenten yn Noardeast Fryslân it heechst. Yn de Stellingwerven, Harns en Ljouwert leit it oandiel ynwenners dat de Fryske taal behearsket it leechst.
- Sûnt de earste mjitting yn 2007 is it oandiel ynwenners mei Frysk as foarnaamste sprektaal tsjin de partner ôfnommen. Yn 2007 wie dat noch 46,9% en dat is yn 2025 sakke nei 42,1%.
- Frysk wurdt it meast yn de eigen famylje praat. De taal wurdt it minst by berjochten op social media brûkt.
- In fearns fan de ynwenners seit it Frysk faak oant hiel faak yn de iepenbiere romte tsjin te kommen. De taal is it meast sichtber yn regionale en lokale kranten.
- Ynwenners binne fan betinken dat de ynwenners sels likegoed as de oerheid in ferantwurdlikheid hawwe om de Fryske taal yn libben te hâlden.
- Yn 2025 telt Fryslân 253 Frysktalige of twatalige bernesintra. Dat binne der 29 mear as yn 2019.


Haadstik 2

Utkomsten taalmjitting 2025

Werjefte fan de útkomsten fan de provinsjale taalmjitting 2025. Troch de wei fan in grutskalich ûndersyk wurdt û.o. sjoen nei memmetaal, behearsking fan it Frysk, gebrûk fan it Frysk en sichtberens fan it Frysk.

2.1 Frysk as memmetaal

Oan respondinten is frege om oan te jaan yn hokker taal hy of sy grutbrocht is, oftewol de memmetaal fan de respondint. Yn gefal fan in meartalige opfieding koene meardere antwurden jûn wurde.




Figuer 1: Persintaaazje Frysk as (mei-)memmetaal yn 2025 (boarne: Provinsje Fryslân)

Oan 'e hân fan de memmetaal of memmetalen dy't opjûn binne, is ûnderskied makke tusken ynwenners mei it Frysk as iennige memmetaal, Frysk as memmetaal njonken in oare opfiedtaal en gjin Frysk as memmetaal. Njonken Frysk en Nederlânsk hawwe respondinten oanjûn dat se yn it Biltsk (1,6%), Stellingwerfsk (3%), in oare streektaal of Stedsfrysk (8,4%) of in bûtenlânske taal (2,7%) grutbrocht binne.

Fan de respondinten jout 37,8% oan dat se inkeld yn it Frysk en 23% dat se yn it Frysk en in oare taal grutbrocht binne. De oare respondinten (39,2%) hawwe gjin Frysktalige opfieding hân. Yn de noardeastlike gemeenten Achtkarspelen, Dantumadiel, Noardeast-Fryslân en Tytsjerksteradiel jildt dat Frysk foar goed de helte fan de ynwenners de iennige memmetaal is. Yn de gemeenten Ljouwert, Eaststellingwerf, Weststellingwerf en Harns hat mear as de helte fan de ynwenners net in Frysktalige opfieding hân.

2.2 Beharsking fan de Fryske taal

Om fêststelle te kinnen hoe't it mei de Fryske taalfeardigens is, is oan de ynwenners frege om oan te jaan yn hoefier't se de Fryske taal behearskje op it mêd fan ferstean, prate, lêze en skriuwe. It giet dan om in foarm fan 'self-report'. Mei oare wurden: respondinten jouwe sels oan hoe't se harren nivo ynskatte. It taalbehearskingsnivo is net hifke.



Figuer 2: Beharsking fan de Fryske taal 2025 (boarne: Provinsje Fryslân)

De measte ynwenners fan Fryslân kinne it Frysk wol of in bytsje ferstean. Yn 2025 jout goed 85% fan de Friezen oan de taal goed oant hiel goed ferstean te kinnen. Ek yn de eardere mjitmominten yn 2007, 2011, 2015 en 2019 lei dat persintaazje om de 85% hinne. Mar in lytse groep fan 5,6% jout oan de taal mei muoite of hielendal net ferstean te kinnen.


Twa tredde fan de ynwenners kin de taal goed oant hiel goed prate. Dêrnjonken jout 9% oan de taal frij aardich prate te kinnen. In fearns fan de Friezen praat de taal mei muoite of hielendal net. Krekt as by it ferstean jildt ek foar it praten dat it oandiel ynwenners dat seit it Frysk goed prate te kinnen op alle mjitmominten frijwol gelyk is.

Goed de helte (58%) fan de ynwenners kin goed oant hiel goed Frysk lêze. In fearns lêst it Frysk frij aardich en 17% fan de ynwenners hat dêr muoite mei of kin hielendal gjin Frysk lêze. It oandiel Friezen dat oanjout it Frysk goed oant hiel goed lêze te kinnen is tanommen fan 46% yn 2007 oant 58% yn 2025.

| | 2007 | 2011 | 2015 | 2019 | 2025 |
|-----------------|------|------|------|------|------|
| Ferstean | 84,2 | 84,6 | 85,1 | 84,1 | 85,8 |
| Prate | 63,7 | 64 | 66,6 | 64,1 | 66,6 |
| Lêze | 46,2 | 48,6 | 51,8 | 52,4 | 58,1 |
| Skriuwe | 9,6 | 12,1 | 14,5 | 15,9 | 18,9 |

Tabel 1: Behearsking Fryske taal op de mjittominten fan de taalmjitting: persintaazje ynwenners dat de taal (hiel) goed behearsket (Provinsje Fryslân).



Krekt as by it lêzen is ek de behearsking fan 'e skriuwfeardigens fan it Frysk yn 'e rin fan de ferskillende mjittominten tanommen. Joech yn 2007 noch 9,6% fan de Friezen oan goed oant hiel goed Frysk skriuwe te kinnen, yn 2025 wie dat oandiel 18,9%. Yn alle mjittings is it oandiel ynwenners dat goed Frysk skriuwe kin signifikant tanommen. Frysk is by âlds in sprutsen taal. Mei de komst fan de digitalisearring en de sosjale media krije minsken faker Fryske teksten te sjen en wurdt der gauwer yn it Frysk lêzen en skreaun. It giet dêrby meastal om koarte en ynformele teksten, mar dat is wol fan ynfloed op de lês- en skriuwfeardigens. Dit is in ûnderstelling dy't net yn it ûndersyk metten is.





Figuer 3: Behearsking fan de Fryske taal nei âldens yn 2025 (boarne: Provinsje Fryslân)

Der binne gjin hiele grutte ferskillen yn de Fryske taalfeardigens nei âldensgroepen. Yn alle kategoryen jildt dat (goed) acht op 'e tsien ynwenners it Frysk goed ferstean kinne en tusken de 59- en 67% it Frysk goed prate kin. Krekt as yn de eardere mjittingen leit it persintaazje ynwenners dat it Frysk goed ferstean en prate kin by de jongste âldensgroep relatyf wat leger.

De lêsfeardigens fan it Frysk wurdt yn alle âldensgroepen troch 57% fan de ynwenners as goed beoardiele. Foar wat de skriuwfeardigens oanbelanget jildt dat yn alle âldensgroepen likernôch 60% net of amper Frysk skriuwe kin. Ferlike mei de mjitting fan 2019 is yn de âldensgroep 18-29 jier it oandiel respondinten dat oanjout it Frysk goed lêze te kinnen signifikant tanommen. Der liket in ferbân te wêzen mei it gebrûk fan sosjale media. Fierder binne der gjin ferskillen waar te nimmen yn it behearskingsnivo nei âldens ferlike mei de foargeande taalmjitting.






Figuer 4: Beharsking fan de Fryske taal nei gemeente yn 2025 (boarne: Provinsje Fryslân)

Boppesteande kaartsjes jouwe de gemeente it persintaazje ynwenners wer dat nei eigen sizzen de Fryske taal goed of hiel goed beharsket op de aspekten ferstean, prate, lêze en skriuwe.

Mei it each op it oandiel ynwenners dat oanjout it Frysk goed of hiel goed ferstean, prate, lêze en skriuwe te kinnen binne de gemeentlike ferskillen yn taalfeardigens grut. Yn de gemeenten Dantumadiel, Tytsjerksteradiel en Achtkarspelen leit it persintaazje ynwenners dat de Fryske taal beharsket it heechst. Oer it algemien kinst sizze dat de taalfeardigens fan it Frysk yn de regio Noardeast Fryslân it heechst is. Yn de Stellingwerven, Harns en Ljouwert leit it oandiel ynwenners dat de Fryske taal beharsket it leechst.

Krekt as by de totale Fryske útkomst is ek binnen de gemeenten it oandiel ynweners dat it Frysk goed ferstean en prate kin frijwol gelyk bleaun ferlike mei de foargeande taalmjitting yn 2019. Der binne inkele signifikante ferskillen waar te nimmen, dat is sa, mar yn persintaazje binne dy lyts.

Yn dit ûndersyk wurdt ek sjoen nei Friezen mei it Frysk as iennige memmetaal, Friezen mei Frysk as mei-memmetaal en Friezen sûnder Frysk as memmetaal.



Figuer 5: Behearsking fan de Fryske taal nei memmetaal yn 2025 (boarne: Provinsje Fryslân)

Fan de ynweners mei Frysk as iennige memmetaal kin goed 99% de taal goed ferstean en prate. Goed trijefearns fan de ynweners mei it Frysk as iennige memmetaal kin goed Frysk lêze en in tredde kin goed Frysk skriuwe. In tredde fan de ynweners mei it Frysk as iennige memmetaal kin it Frysk mar mei muoite of hielendal net skriuwe.

Fan de ynweners mei it Frysk as mei-memmetaal jout 98% oan de taal goed te ferstean en 88% goed prate te kinnen. Ynwenners mei Frysk as mei-memmetaal jouwe mei in oandiel fan 65% foar it lêzen en 18% foar it skriuwen wat minder faak as ynweners mei Frysk as iennige memmetaal oan de taal goed te behearskjen.

Fan de Friezen sûnder Frysk as memmetaal kin 65% de taal goed ferstean. In lytse groep fan 14% ferstiet de taal mei muoite of hielendal net. Goed ien op de fiif ynweners sûnder Frysk as memmetaal seit de taal goed prate te kinnen, in fearns mei muoite en 34% praat de taal

hielendal net. Fan de ynwenners sûnder Frysk as memmetaal jout 11% oan de taal hielendal net lêze te kinnen en 35% de taal goed lêze te kinnen. In lytse groep fan 12% fan de Friezen sûnder Frysk as memmetaal jout oan de taal frij aardich oant goed skriuwe te kinnen, 24% mei muoite en 64% hielendal net.

2.3 Taaloerdracht

Foar it nivo fan taaloerdracht wurdt sjoen nei de taal wêryn't (meastal) tsjin de partner praat wurdt, de taal wêryn't (meastal) tsjin de bern praat wurdt en de taal dy't de bern (meastal) ûnderinoar en tsjin de âlden prate.

Sprektaal tsjin partner


Frege is hokker taal meastal tsjin de partner praat wurdt. Fan de ynwenners praat 42,1% meastal Frysk tsjin syn of har partner. In wat grutter part fan 51,4% praat meastal Nederlânsk tsjin syn of har partner. Yn ferliking mei de mjitting fan 2019 is it persintaazje ynwenners dat (meastal) Frysk tsjin syn of har partner praat wat sakke fan 43,1% nei 42,1%. Foar 5% fan de ynwenners is in streektaal/Stedsfrysk de foarnaamste fiertaal tsjin de partner en foar 1,7% is in bûtenlânske taal de foarnaamste fiertaal.

| | 2007 | 2011 | 2015 | 2019 | 2025 |
|------------------------------|------|------|------|------|------|
| Nederlânsk | 44,4 | 46,6 | 47,1 | 49,2 | 51,4 |
| Frysk | 46,9 | 45,4 | 45,6 | 43,1 | 42,1 |
| Streektaal/Stedsfrysk | 7,9 | 7,1 | 6,2 | 6,1 | 4,8 |
| Bûtenlânske taal | 0,8 | 1 | 1,1 | 1,6 | 1,7 |

Tabel 2: sprektaal tsjin partner (boarne: Provinsje Fryslân)

Yn tabel 2 is te sjen dat troch de jierren hinne it oandiel ynwenners mei Frysk as foarnaamste sprekttaal tsjin de partner ôfnommen is. Yn 2007 wie dat noch 46,9% en dat is yn 2025 oant 42,1% ôfnommen. Ek it gebrûk fan in streektaal of Stedsfrysk as foarnaamste sprekttaal nimt stadichoan ôf. Der stiet in tanimmen fan Nederlânsk as foarnaamste sprekttaal foaroer. It gebrûk fan in bûtenlânske taal as foarnaamste sprekttaal tsjin de partner is ek tanommen.

It gebrûk fan it Frysk as foarnaamste sprekttaal tsjin de partner ferskilt nei âldens. By respondinten yn de groep oant 50 jier is dat persintaazje 38%. Tusken de 50 en 64 jier leit dat persintaazje op 44% en by 65-plussers op 48%. It feit dat de âldere generaasje relatyf faker in partner út de direkte omkriten krige en jonge minsken relatyf faker fan bûten de eigen regio spilet dêr in rol yn.



Figuer 6: Frysk as foarnaamste sprektaal tsjin partner yn 2025 (boarne: Provinsje Fryslân)

Yn hoefier't Frysk as foarnaamste sprektaal tsjin de partner brûkt wurdt, ferskilt sterk de gemeente. Yn de gemeente Dantumadiel is Frysk mei 82% de gemeente dêr't it faakst Frysk tsjin de partner praat wurdt, folge troch de oare gemeenten yn Noardeast Fryslân. Yn East- en Weststellingwerf, Ljouwert en Harns wurdt it minst Frysk tsjin de partner praat.

| | Foarnaamste Sprektaal tsjin partner | | |
|---------------------------------------|-------------------------------------|-------|------|
| | Nederlânsk | Frysk | oars |
| (mei-) memmetaal partners | | | |
| Beide Nederlânsk | 96,1 | 0,1 | 3,8 |
| Beide Frysk | 7,9 | 90,6 | 1,5 |
| Respondint Frysk en partner net Frysk | 70,9 | 20,6 | 8,6 |
| Respondint net Frysk en partner Frysk | 77,1 | 18,1 | 4,8 |

Tabel 3: sprektaal tsjin partner yn relaasje ta memmetaal partner 2025 (boarne: Provinsje Fryslân)

Tabel 3 lit de foarnaamste sprektaal tsjin de partner sjen yn relaasje ta de memmetaal fan de partner. As beide Frysk as (mei-)memmetaal hawwe dan is by 90,6% fan de ynwenners it Frysk de foarnaamste sprektaal. As de respondint Frysk as (mei-)memmetaal hat, mar de partner net dan is by 20,6% Frysk de foarnaamste sprektaal tsjin de partner. Fan de respondinten dy't it Frysk net as (mei-)memmetaal hawwe, mar wol in partner mei it Frysk as memmetaal seit 18,1% yn haadsaak Frysk tsjin de partner te praten.

Sprektaal tsjin bern en bern ûnderinoar

Yn de fiertaal tsjin bern wurdt like faak Nederlânsk (48%) as Frysk (48%) as foarnaamste sprektaal brûkt. In lytse groep fan 2,9% fan de bern wurdt meastal yn in streektaal/Stedsfrysk oansprutsen en 0,9% yn in bûtenlânske taal. Ek yn de eardere mjittingen lei de ferhâlding tusken Frysk en Nederlânsk ticht byinoar. It oandiel Frysk as foarnaamste fiertaal tsjin bern leit sûnt 2007 hieltyd om de 48% hinne.

| (mei-)memmetaal partners | Sprektaal tsjin bern | | |
|---------------------------------------|----------------------|-------|------|
| | Nederlânsk | Frysk | oars |
| Beide Nederlânsk | 96,9 | 1,2 | 2,0 |
| Beide Fries | 9,2 | 90,4 | 0,4 |
| Respondint Frysk en partner net Frysk | 49,6 | 46,6 | 3,8 |
| Respondint net Fries en partner Frysk | 77,7 | 18,3 | 4,0 |

Tabel 4: sprektaal tsjin bern yn relaasje ta memmetaal âlden 2025 (boarne: Provinsje Fryslân)

Tabel 4 lit de foarnaamste sprektaal tsjin bern yn relaasje ta de memmetaal fan de âlden sjen. As beide âlden/fersoargers Frysk as (mei-)memmetaal hawwe dan is by 90,4% Frysk de foarnaamste sprektaal tsjin it bern/de bern. As de respondint Frysk as (mei-)memmetaal hat, mar de partner net dan is by 49,6% fan de respondinten Nederlânsk de foarnaamste sprektaal tsjin it bern/de bern en 46,6% sprekt syn bern meastal yn it Frysk oan. As de respondint net it Frysk as (mei-)memmetaal hat, mar de partner wol dan praat 18,3% meastal Frysk tsjin it bern/de bern.


| Hokker taal praat jo bern/prate jo bern meastal: | Nederlânsk | Frysk | Streektaal | Oars |
|--|------------|-------|------------|------|
| Tsjin jo | 53,4 | 43,7 | 1,9 | 1,1 |
| Underinoar | 62,1 | 35,5 | 1,6 | 0,8 |
| Mei freontsjes en freondintsjes | 60,8 | 36 | 1,7 | 1,5 |

Tabel 5: sprektaal bern tsjin âlden, ûnderinoar en tsjin freontsjes/freondintsjes 2025 (boarne: Provinsje Fryslân)

Oan âlden/fersoargers is frege hokker taal bern meastal ûnderinoar, tsjin freontsjes en freondintsjes en tsjin de âlden prate. Fan de ynwenners mei bern jout 44% oan dat it Frysk meastal de fiertaal tsjin de âlden is. By 36% fan de ynwenners is it Frysk by de bern ûnderinoar en mei freontsjes/freondintsjes meastal de fiertaal. Wat opfalt is dat it persintaazje âlden dat Frysk as foarnaamste sprektaal tsjin it bern/de bern brûkt mei 48% wat heger leit as it oandiel fan 44% fan de bern dy't Frysk as foarnaamste taal tsjin de âlden brûke.

2.4 Gebrûk fan it Frysk yn it deistich libben

Yn hoefier't der yn it deistich libben Frysk praat wurdt en yn hoefier ferskilt dat neigeraden dat it Frysk de (mei-)memmetaal is? Yn de taalmjitting is frege om it nivo fan gebrûk fan it Frysk yn ûnderskate situaasjes oan te jaan. Yn figuer 7 is werjûn yn hoefier't der Frysk praat wurdt yn de húshâlding, tsjin famylje, yn sosjale kring, op it wurk, sosjale media en op ûnderskate lokaasjes.




Figuer 7: Omfang fan gebrûk Frysk yn ûnderskate situaasje yn 2025 nei memmetaal (boarne: Provinsje Fryslân)

Friezen mei Frysk as iennige memmetaal brûke de taal faker as Friezen mei Frysk as mei-memmetaal. It brûken fan Frysk by respondinten mei Frysk as mei-memmetaal leit yn trochsneed 20 prosintpunt leger. Fan de groep respondinten sûnder Frysk as memmetaal wurdt troch likernôch ien op de tsien faak oant altyd Frysk praat. Frysk wurdt it faakst yn de eigen famylje praat. Tsjin famyljeleden wurdt wat faker Frysk praat as tsjin de eigen partner en bern. Yn sosjale kring mei buorlju, freonen en by ferienings wurdt troch om-ende-by 80% fan de respondinten mei Frysk as iennige memmetaal faak oant altyd Frysk praat. By respondinten mei Frysk as mei-memmetaal leit dat persintaazje om de 60% hinne.

Op de wurkflier seit 70% fan de ynwenners mei Frysk as iennige memmetaal faak Frysk mei kollega's en 56% faak Frysk mei klanten/kliïnten te praten. De mearderheid fan de ynwenners mei Frysk as iennige memmetaal seit it Frysk ek faak yn winkels, hoareka, yn kontakt mei de gemeente en yn persoanlike digitale berjochten (Whatsapp, SMS ensfh.) te brûken. Yn kontakt mei soarchferlieners leit dat persintaazje op 45%. Fan de foarleine situaasjes wurdt it Frysk it minst op sosjale media brûkt. In tredde fan de ynwenners mei it Frysk as iennige memmetaal seit faak oant altyd Frysk op sosjale media te brûken. Fan de respondinten mei Frysk as mei-memmetaal leit dat persintaazje op 15%.


2.5 Sichtberens fan it Frysk

Hoe sichtber is de Fryske taal? Frege is oan te jaan yn hoefier't de respondint it Frysk yn ûnderskate situaasjes tsjinkomt. Om't net alle situaasjes foar elkenien fan tapassing binne bestie de mooglikheid om 'net fan tapassing' oan te jaan. Dy groep is yn de analyze bûten beskôging litten.



Figuer 8: Sichtberens fan it Frysk yn ûnderskate situaasjes 2025 (boarne: Provinsje Fryslân)

In fearns fan de ynwenners seit it Frysk faak oant hiel faak yn de iepenbiere romte tsjin te kommen. Ek jout goed in fearns oan it Frysk amper of nea yn de iepenbiere romte tsjin te kommen. Hast de helte fan de ynwenners jout oan it Frysk soms tsjin te kommen. Fan de njoggen foarleine situaasjes wurdt it Frysk it meast yn regionale en lokale kranten sjoen. Fan de ynwenners komt 30% it Frysk faak yn regionale en lokale kranten tsjin en dêrnjonken seit de helte fan de respondinten it Frysk 'soms' yn kranten te sjen. By gemeentehuzen en oare oerheidsynstellingen is it Frysk neffens 28% fan de ynwenners faak sichtber. Yn biblioteken is it Frysk neffens 20% faak sichtber. Winkels, hoareka en soarchynstellingen hawwe in sichtberheidspersintaazje ûnder de 20%. Op sosjale media wurdt it Frysk mar troch 12% fan de ynwenners faak sjoen. Yn museums is it Frysk it minst faak sichtber. De sichtberens fan it Frysk ferskilt sterk de gemeente. Yn figuer 9 is de sichtberens yn de iepenbiere romte de gemeente werjûn. Grafiken mei de sichtberens fan de oare lokaasjes de gemeente steane yn de taheakke.



Figuer 9: Sichtberens fan it Frysk yn de iepenbiere romte de gemeente yn 2025 (boarne: Provinsje Fryslân)

Yn de gemeenten Ljouwert, Dantumadiel, Súdwest-Fryslân, Noardeast-Fryslân en de Fryske Marren is it Frysk neffens goed in tredde fan de respondinten faak oant hiel faak sichtber yn de iepenbiere romte. Yn de gemeenten Harns, Eaststellingwerf en Weststellingwerf is it Frysk it minst faak sichtber.

Mei it each op yn hoefier't respondinten oanjouwe dat se it Frysk faak yn de njoggen ûnderskate situaasjes tsjinkomme leveret dat de folchoarder fan gemeentlike sichtberens op dy't yn tabel 6 werjûn is.


| Rangoarder sichtberens | Gemeente |
|------------------------|-------------------|
| 1 | Dantumadiel |
| 2 | Achtkarspelen |
| 3 | Tytsjerksteradiel |
| 4 | Noardeast-Fryslân |
| 5 | De Fryske Marren |
| 6 | Opsterlân |
| 7 | Súdwest-Fryslân |
| 8 | Smellingerlân |
| 9 | Waadhoeke |
| 10 | Ljouwert |
| 11 | It Hearrenfean |
| 12 | Harns |
| 13 | Eaststellingwerf |
| 14 | Weststellingwerf |




Tabel 6: rangoarder gemeenten sichtberens Fryske taal 2025 (boarne: Provinsje Fryslân)

It Frysk is it meast sichtber yn de gemeente Dantumadiel en it minst yn Weststellingwerf.

2.6 Stellingen oer it yn libben hâlden fan de Fryske taal

Yn de fragelist binne fjouwer stellingen foarlein oer it yn libben hâlden fan de Fryske taal. Oan de respondinten is frege om oan te jaan yn hoefier't se it mei de stellingen iens of ûniens binne.






Figuer 10: Stellingen oer it yn stân hâlden fan de Fryske taal (boarne: Provinsje Fryslân)

Ynwenners binne fan betinken dat de ynwenners sels likegoed as de oerheid in ferantwurdlikheid hawwe om de Fryske taal yn libben te hâlden. Trijefearns fan de respondinten fynt dat in (mei)ferantwurdlikheid fan de Friezen sels. In wat lytsere groep fan 67% is fan betinken dat it yn libben hâlden fan de taal (mei) in taak fan de oerheid is. Respondinten mei it Frysk as (mei-)memmetaal binne faker fan betinken dat it in oerheidstaak is as respondinten sûnder Frysk as memmetaal. Nettsjinsteande dat is noch goed de helte fan de respondinten sûnder Frysk as memmetaal fan betinken dat de oerheid in ferantwurdlikheid hat en him ynset foar it behâld fan de Fryske taal. Op de stelling oft it wichtich is om dysels ek yn te setten om de Fryske taal yn libben te hâlden jout 62% oan it dêrmei iens te wêzen. Net ferrassend is dat Friezen mei it Frysk as memmetaal it dêr faker mei iens binne as Friezen sûnder it Frysk as

memmetaal, al is noch goed 30% fan de respondinten sûnder it Frysk as memmetaal it mei de stelling iens.


2.7 Hâldingen foar it Frysk oer

Yn dizze taalAtlas binne ek de hâldingen foar it Frysk oer metten. Hâldingen kinne útlein wurde as in soarte fan subjektive evaluaasje fan en assosjaasjes mei in taal(fariant). Hâldingen binne fan belang om't se in refleksje jouwe fan de posysje fan it Frysk yn 'e maatskippij. Hoe klinkt de Fryske taal? Klinkt it Frysk yntelligint, freonlik, fertroud, modern, formeel of krekt it tsjinoerstelde? Op in fiifpuntskaal is frege oan te jaan hoe't de taal klinkt op seis assosjaasjes. In oardering fan 3 jout oan dat de respondint net in útsprutsen assosjaasje hat. Der wurdt ûnderskied makke yn de hâldingen tusken ynwenners mei en sûnder Frysk as (mei-) memmetaal. Foar alle seis fragen jildt dat ynwenners mei Frysk as memmetaal in positivere assosjaasje hawwe as ynwenners sûnder Frysk as memmetaal. Friezen mei inkeld Frysk as memmetaal hawwe in wat positivere hâlding as ynwenners mei Frysk as mei-memmetaal.




Figuer 11: Assosjaasje klank Frysk net yntelligint fersus yntelligint (boarne: Provinsje Fryslân)

Trochinoar hinne nommen wurdt it Frysk as ridlik yntelligint beoardiele. In tredde fan de respondinten hat der gjin dúdlike assosjaasje by troch de assosjaasje op 3 te setten. Goed de helte fan de respondinten jout mei in 4 of in 5 oan dat se de taal mear yntelligint as net yntelligint klinken fine. In lytse groep fan 13,5% fynt it Frysk earder net yntelligint as yntelligint klinken.




Figuer 12: Assosjaasje klank Frysk ûnfreonlik fersus freonlik (boarne: Provinsje Fryslân)

Mei-inoar jout 68% fan de respondinten oan it Frysk as freonlik te beoardieljen. Ien op de fiif respondinten jout oan de taal net freonlik, mar ek net ûnfreonlik klinken te finen. Ien op de tsien fynt it Frysk ûnfreonlik klinken. Ynwenners mei Frysk as (mei-)memmetaal fine it Frysk freonliker klinken as ynwenners sûnder Frysk as memmetaal.




Figuer 13: Assosjaasje klank Frysk frjemd fersus fertroud (boarne: Provinsje Fryslân)

Acht op de tsien respondinten fynt it Frysk fertroud. In lyts part jout oan de taal earder frjemd as fertroud te finen. Mear as 9 fan de 10 Friezen mei it Frysk as (mei-)memmetaal fynt de taal fertroud. Fan de Friezen sûnder Frysk as memmetaal fynt 60% de taal fertroud klinken en foar 16% klinkt de taal frjemd.




Figuer 14: Assosjaasje klank Frysk stoffich fersus hip (boarne: Provinsje Fryslân)

Yn totaal is in grutte groep fan 40% net hiel útsprutsen troch de taal net stoffich en ek net hip te finen. Neffens 45% fan de respondinten klinkt de taal earder hip as stoffich en 15% fynt de taal krekt earder stoffich as hip. Fan de ynwenners sûnder Frysk as memmetaal fynt goed in fearns de taal earder stoffich as hip. Fan de Friezen mei it Frysk as (mei-)memmetaal fynt in lytse 10% de taal earder stoffich as hip.



Figuer 15: Assosjaasje klank Frysk ynformeel fersus formeel (boarne: Provinsje Fryslân)

Goed 40% fan de respondinten hat de assosjaasje mei it Frysk dat it ynformeel is. Hast in fearns fan de respondinten seit de taal mear formeel as ynformeel te finen en 35% is dêr minder útsprutsen oer.



Figuer 16: Assosjaasje klank Frysk âlderwetsk fersus modern (boarne: Provinsje Fryslân)

Fan de seis foarleine assosjaasjes binne respondinten it minst útsprutsen oer de fraach yn hoefier't it Frysk âlderwetsk of krekt modern klinkt. Hast de helte fan de respondinten is fan betinken dat it Frysk net spesifyk âlderwetsk of modern klinkt. Fan de oare respondinten is 38% fan betinken dat it Frysk earder modern as âlderwetsk klinkt. In lytsere groep fan 16% fynt de taal mear âlderwetsk. Ynwenners sûnder Frysk as (mei-)memmetaal fine it Frysk faker âlderwetsk as modern.

2.8 Ferlykber ûndersyk


Yn 2023 hat it Planbureau Fryslân har ynwennerspanel in ferlykbere fragelist nei de behearsking en it gebrûk fan de Fryske taal foarlein. Resint hat de Fryske Akademy dy útkomsten neier analysearre en publisearre. De útkomsten fan de ferlykbere fragen ferskille net mear as 5 prosintpunt en lizze dêrmei ticht byinoar. Dat seit wat oer de represintativiteit fan beide ûndersiken, wêrby't it ynwennerspanel fan it planburo wat better de taal behearsket en wat faker de taal brûkt. Understeld kin wurde dat it panel wat mear as gemiddeld út ynwenners mei in Frysktalige eftergrûn bestiet. Oan it panel is noch in tal stellingen foarlein. Utkomsten binne [hjiir](#) te rieplachtsjen.

Haadstik 3

Frysktalige bernesintra

Werjefte fan it tal Frysktalige en/of twatalige bernedeiferbliuwen en pjutteboartersplakken yn Fryslân. Sifers komme fan it SFBO kennisintrum meartaligens jonge bern.

3.1 Tal Frysktalige bernesintra



Figuer 17: Tal Frysktalige en/of twatalige bernesintra (boarne: SFBO)


Yn 2025 binne der yn Fryslân 253 Frysktalige of twatalige bernesintra. Dat binne der 29 mear as yn 2019.

Haadstik 4

Frysktalige toponimen

It gebrûk fan Frysktalige plaknammen ferskilt de Fryske gemeente. Mei help fan twa kaartsjes wurdt dat ynsichtlik makke.


4.1 Gemeenten mei offisjele Frysktalige toponimen



Figuer 18: Gemeenten mei Frysktalige en Nederlânsktalige toponimen 2025 (boarne: Provinsje Fryslân)

Boppesteande kaart jout in oersjoch fan de gemeenten mei offisjele Frysktalige toponimen. Dat betsjut dat de gemeente der offisjeel foar keazen hat om de Frysktalige plaknammen of gemeentenamme te brûken.

4.2 Sprieding Frysktalige plaknammen








Figuer 19: Sprieding fan Frysktalige en Nederlânsktalige plaknammen 2025 (boarne: Provinsje Fryslân)




Boppesteande kaart jout in oersjoch fan de sprieding fan Frysktalige en Nederlânsktalige plaknammen yn 'e provinsje. Inkelde plaknammen binne fanâlds Frysktalich en hawwe gjin Nederlânsktalige fariant. Dy plaknammen binne op de kaart as Frysktalich oantsjut. Beide kaartsjes litte sjen dat it Noarden fan de provinsje him karakterisearret troch Frysktalige plaknammen. Mear nei it suden ta binne de plaknammen meastal Nederlânsktalich. Yn it súdeasten fan de provinsje komme gjin Frysktalige plaknammen foar.


Taheakke

Sichtberens Frysk de gemeente









© 2026, Provinsje Fryslân

www.fryslan.frl

Neat út dizze útjefte mei fermannichfâldige, yn in automatysearre bestân opslin of yn hokker foarm of op hokker wize dan ek iepenbier makke wurde, itsij elektroanysk, meganysk, troch fotokopyen, opnamen, of in oare wize, sûnder foarôfgeande skriftlike tastimming fan de útjouwer. Foar it oemimmen fan parten út dizze útjefte yn blomlêzings, readers en oare kompilaasjewurken (kêst 16 Auteurswet 1912) moatte jo jo ta de útjouwer rjochtsje

fryslan.frl